

Bouwe oan in bloeiend Tytsjerksteradiel

Fanút it riedsprogramma *Groeien út lokale krêft* wei sette wy mei dit kolleezjeakkoart de koers út foar 2026 -2030. Wy wurkje oan sterke doarpen en in takomst dêr't ynwenners sûn, feilich en belutsen yn libje kinne. Dizze byldplaat lit sjen wat wy berikke wolle.

Noflik wenje en libje

Wy bouwe wenningen yn alle doarpen, mei ekstra omtinken foar starters en senioaren. Wy wolle ynvestearje yn foarsjennings en moetingplakken om de leefberens, sosjale ferbining en fitaliteit fan ús doarpen te fersterkjen.

Wenjen en foarsjennings

- 1200 nije wenten oant 2030.
- Sosjale hierwenningen yn elk doarp.
- Mear passende senioarewenten.
- Mear betelbere starterswenningen.
- Wy keapje grûn oan foar takomstige plannen.

Moetsje en leefberens

- Wy benutte doarpshuzen en MFA's optimaal.
- Wy soargje foar mear moetingen.
- Wy wolle mear passende foarsjennings

Sosjale basis

Wy wolle bouwe oan sterke en fearkrêftige doarpen. Wy ynvestearje yn moeting, sûnens en omsjen nei inoar. Wy slute oan by inisjativen en netwurken fan ynwenners en ferieningen om de sosjale basis fierder te fersterkjen.

Previnsje

- Wy helpe ynwenners dy't fêstrinne yn regels flugger oan in passende oplossing.
- Wy stypje ynwenners dy't foar inoar klear stean.
- Wy stimulearje jongerein om frijwilligerswurk te dwaan

Arbeidsmerk

- Wy soargje foar in bettere oansluting tusken ûnderwiis en wurk.
- Elkenien moat meidwaan kinne op de arbeidsmerk.

- Wy biede wurk oan ynwenners mei in ôfstân ta de arbeidsmerk.

Bloeizones

- Wy kieze foar oplossingen mei maatskiplike mearwearde.
- Wy ferbine sûnens, moeting en leefberens.

Mobiliteit

- Elkenien moat foarsjennings berikke kinne.
- Goede inisjativen breidzje wy út yn de gemeente.

Soarchfoarsjennings en ferienings

- Wy hâlde soarchfoarsjennings dêr't dat mooglik is.
- Wy stimulearje dielname oan ferieningen.
- Wy stypje en fersterkje ferienings.



Duorsume takomst

Wy wurkje oan in duorsume gemeente. Wy benutte de krêft fan ús doarpen, bedriuwen, natuer en kultuer. Troch te ynvestearjen yn enerzjy, sirkulariteit, rekreaasje, bioferskaat en ûndernimmerskip bouwe wy oan in sterke ekonomy en in sûne libbensomjouwing foar takomstige generaasjes.

Enerzjy en klimaat

- Wy wekke yn 2040 mear enerzjy op as dat wy brûke.
- Wy ûntwikkelje enerzjyhubs.
- Wy stimulearje sinnepanielen op dakken.
- Wy benutte kânsen foar wetterstof.
- Wy helpe ynwenners mei hege enerzjykosten.

Ekonomy en ûndernimmerskip

- Wy soargje foar in bettere oansluting tusken ûnderwiis en wurk.

- Wy biede ûndernimmers goede service.
- Nije bestimming leechsteande pannen.

Sirkulêre ekonomy

- Wy wurkje stap foar stap ta nei in sirkulêre ekonomy.
- Wy ûntwikkelje in sirkulêre miljeustrjitte en in ambachtssintrum.
- Wy keapje as gemeente faker sirkulêr yn.
- Wy fiere in priis yn foar sirkulêre ûndernimmers.

Natuer en rekreaasje

- Wy fergrutsje it bioferskaat.
- Wy wurkje gear mei boeren en natuerorganisaasjes.
- Wy ferbetterje kuier -, fyts - en farrûtes.
- Wy stimulearje toerisme mei respekt foar natuer en lânskip.
- Wy fiere in registraasjesysteem foar toeristebelesting yn.



Feilich en ferantwurde

Mei-inoar soargje wy foar in feilige en ferantwurde bestjoerde gemeente. As kolleezje binne wy sichtber, tagonklik en wurkje út betrouwen wei. Troch ynwenners en doarpen aktyf te belûken en romte te jaan oan inisjativen, bouwe wy mei-inoar oan in feilige, belutsen en takomstbestindige gemeente.

Ferbining

- Ein 2027 hat elk doarp in aktuele doarpsfyzje.
- Wy witte better wat der libbet yn de doarpen en wat ynwenners nedich hawwe.

Feilichste gemeente

- Wy hearre by de feilichste gemeenten fan Nederlân. En dat wolle we sa hâlde.
- Wy wolle de sosjale feilichheid fergrutsje
- Drugsgebrûk wolle wy tsjingeane.

Finansjele útgongspunten

- Wy wurkje oan in struktureel finansjeel sûne gemeente.
- De ynvestearings - en eksploitaasjeagenda is de basis foar wat wy dwaan sille.
- Wy ûndersykje in revolvearjend fûns.
- Wy hawwe each foar maatskiplik rendemint.



Mear ynformaasje

Yn dizze byldplaat steane de wichtichste plannen út it kolleezjeakkoart. It folsleine dokumint stiet op ús webside. Dêr lêze jo ek wa't ús boargemaster en wethâlders binne en wêr't se foar steane.

www.t-diel.nl/collegeakkoord